



FRYSKE AKADEMY
GENEALOGYSK WURKFERBÂN

Reisferslach Sondel 14 oktober 2017

Sietske Dijkstra, skriuwster fan it Histoaryske Wurkferbân Gaasterlân (HWG) hjit de rom 30 gasten wolkom yn de Sondeler PKN tsjerke. Hja giet koart yn op it krewearjen fan it HWG.

Wurkferbânfoarsitter Gosse van der Plaats memorearret dat de organisators fan dit reisje, de hearen Jan Geert Vogelzang en ús nije skriuwer Jabik van der Bij, behindere binne. Dan set de hear Hielke Smink, sprekker en tsjerkrintmaster útein mei syn referaat. Smink begjint ticht by hûs; de âlde tsjerke foar 1870, de nije, yn 2013 renovearre, tsjerke en it skjinmeitsjen fan de sarken yn de tsjerke. Dan de sintrale fraach: wiene de bewenners en oantrouden fan Beuckenwyk mei de Frânsktalige famyljenammen de Carpentier, de Rochefort en Marchant hugenoaten neffens de klassike definysje protestanten, dy't flechten út Frankryk? De earste bewenners fan Beuckenswyk (1780-1885) wiene dr. Marius Beuckens; dochter Geertruida trout mei Gijsbertus Nauta; soan Bavius boasket mei Tjitske Rinia. Harren dochter giet yn de lange hier mei Johannes Petrus van Hylckama. Harren dochter Aletheya Aurelia van Hylckama hat as libbenspartner Jan Hendrik de Carpentier. Harren jongste dochter Jacoba de Carpentier wie op lêst widdofrou de Rochefort. De lêste bewenners wiene Cornelis Franciscus van Hylckama (1793-1865) en Gerben Lucas Bouwman (1809-1878)

Sprekker giet earst wiidweidich yn op it komôf fan de famylje de Carpentier (Mesen yn it uterste súdwesten fan de Súdlike Nederlannen yn de 16^e iuw), harren ferbliuw yn België, Londen en Amsterdam en op lêst Noard-Holland en harren bern en funksjes. As lêste út de famylje de Carpentier komme de bern fan Jan Hendrik (1773-1838) en Aletheya Aurelia (1777-1824) oan bar û.o. Jacoba Jeannette Diderika Martine de Carpentier (1819-1900) trout yn 1862 mei Jan de Rochefort (1819-1873), belestingûntfanger yn Balk. De stamreeks fan dizze Jan giet werom op Charles de Rochefort (berne 1605 yn La Rochelle oan de Atlantyske oseaan yn Frankryk en stoarn 26 septimber 1683 yn Rotterdam) Ek Charles syn neiteam, predikanten en belestingûntfangers, komme foar it fuotljocht. Dochter en suster Elisabeth Catharijne de Carpentier (1808-1881) trout Adriaan Hendrik Marchant (1798-1839). Adriaan wie keapman en kriget fia syn sosjale en famyljenetwurk (neef en nicht) kunde oan Elisabeth. Ek syn famylje kaam út de Súdlike Nederlannen. Konklúzje: allinne de Rocheforts wiene echte hugenoaten. (NB.De hugenoaten, dy't om 1685 hinne nei Gaasterlân kamen, is in oar ferhaal!). De foarsitter seit tige ûnder de yndruk te wêzen fan it mânske ferhaal fan de hear Smink en betanket him en de tsjerke foar it wurk dat hy mei oaren dien hat troch de famylje wer letterlik en figuerlik (de lûken fan de grêven yn de tsjerke) sichtber te meitsjen mei in rynske kadobon. Nei in slach om de sarken yn de tsjerke en op it hôf giet it op de museumbuorkerij Eppinga oan foar kofje, tee en oranjekoeke.

Gasthear Jelte Eppinga komt ûnder it genot fan in twadde bakje en in lekkere bonbon op'e lapen mei in trijelûk. Earst de stamreeks Eppinga. Fan in Grinzer pastoar mei frou (!) en bern út Seeryp, nei Alkmaar en Ljouwert (boargemasters) en nei in misstap oan leger wâl yn Kollum.. Neisaten yn Gaasterlân waarden fia de hynstehannel yn de 19^e iuw wer pacht- en letter eigen boer. Dat bringt Eppinga op de skiednis fan de pleats fan 1859 en harren bewenners oan hjoed-de-dei ta. Ear't elkenien it museum besjocht, betanket van der Plaats de hear Eppinga mei in stamreeks fan Eppinga syn mem; Sietske Dijkstra. It is al nei healwei fiven as de gasten it hiem ferlitte nei in slagge reisje yn Gaasterlân mei moai sinnich hjerstwaar.

Gosse van der Plaats